

Wat wurdt der foar it Frysk oan CLIL dien (en wat net)

Do hast fia it kolleezje fan Janke en fia de literatuer ideeën opdien foar CLIL-ûnderwiis yn it Frysk.

1. Beskriuw in besteande skoalle of kursus of in al makke lesopset dêr't it Frysk as CLIL-taal yn brûkt wurdt.
2. Betink in les dy'tsto sels jaan kinst, dy't net oer it Frysk giet, mar dêr't it Frysk wol yn brûkt wurdt, sadat bern der wat fan leare.
3. Stel datsto op in skoalle komst te wurkjen dy't deroer neitinkt om de helte fan alle lessen yn it Frysk (en de oare helte yn it Nederlânsk) te jaan. It bestjoer freget oan dy om safolle mooglik foar- en neidielen op papier te setten, sadat it tiim in goed ynformearre kar meitsje kin. Meitsje ris sa'n oersjoch fan foar- en neidielen.